LEEUWARDER COURANT

04 maart 2011 , pag. 6

pieter
de groot

Sudergaos

It sil my nij dwaan watfoar arguminten en/of sentiminten aanst de trochslach jouwe by it fêststellen fan de nije gemeentenamme foar wat oant no ta Súdwest Fryslân hjit. Dy namme krige fan de kiezers de measte stimmen, mar se hiene mar kar út twa. It útstel fan de aksjegroep – Súdwestergo – wie der net by. By neier ynsjen achtsje b. en w. dat net de keninklike wei. Dat siert har. Rûchwei binne der trije rjochtingen te ûnderskieden: de ekonomyske, dy't perfoarst Sneek yn de namme hawwe wol fanwege de grutte bekendheid, de geografyske, dy't ek de oare, troch de nije gemeente opslokte gritenijen rjocht dwaan wol, en de histoaryske rjochting.
De geografyske rjochting hat it ynearsten wûn, mar dat jout yn 'e praktyk betizing. By Súdwest Fryslân tinkt men oan it súdwesten fan de provinsje en net oan de gemeente. Sa't de Adviescommissie aardrijkskundigen namen in Nederland (AaniN) yn in brief oan it gemeentebestjoer skriuwt: „Datzelfde zien we ook al in de provin-

Twa kommisjes, twa advizen: go en goa

cie Utrecht, niemand weet als de naam *Utrechtse Heuvelrug* valt, of men het over de heuvelrug of over de nieuwe gemeente heeft.''
Der komt noch by dat it geografysk gebiet en de gemeente elkoar ek net dekke. „Het eerste strekt zich verder uit naar het zuiden'', skriuwt de kommisje, „en de tweede strekt zich verder uit naar het noorden.'' Gaasterlân-Sleat heart ta Súdwest-Fryslân, mei keppelstreekje, mar net ta Súdwest Fryslân, sûnder streekje. Allinnich om dy reden al foldocht dy namme net, dy't yn de praktyk – lykas yn krantekoppen – ôfkoarte wurdt ta *Súdwest*. De kommisje fan wittenskippers kiest foar de histoarysk ferantwurde namme fan de aksjegroep, Súdwestergo: „Historisch gezien betreft het hier gemeenten die eens het zuidelijke deel van Westergo uitmaakten.''
In oare klup, de Feriening Frysk Underwiis, wol hawwe dat it gemeentebestjoer de te kiezen nammen earst foarleit oan de Fryske Akademy om flaters foar te kommen: „De namme Súdwest-Fryslân kin net sûnder keppelstreekje'' en: „mei alle respekt foar de jim bekende aksjegroep: it Frysk fereasket perfoarst in 'oa' oan de ein fan de namme. Tink bygelyks mar oan de Sudergoawei en de Westergoawei, dy't beide yn Boalsert begjinne.''
It Frysk mei dat easkje, de skiednis wiist, sa hawwe de deskundigen my ferdútst, oars út. De irony wol dat de Fryske Akademy yn de AaniN fertsjinwurdige is. De nammeen taalkundige Karel Gildemacher is kommisjelid en einredakteur fan de AaniN-brosjuere 'Aardrijkskundige namen een gemeentezaak!'
Go of goa – no mar hoopje dat de riedsleden der gjin Sudergaos fan meitsje.

>pieter.de.groot@lc.nl